

## Wy tankje Jo, barmhertich God

1

Wy tankje Jo, barmhertich God,  
dy't weitsje oer ús diel en lot.  
Jo wienen ek yn dizze nacht  
ús hoeder en ús trouwe wacht.

2

Jou ús by 't nije moarntiidsljocht  
wer súnens, krêft en libbensnocht.  
It sliepen die ús lichem goed,  
ris ús no ta foar 't wurk fan hjoed.

3

Dat wy ús amt en plicht, o Hear,  
yn trou ferrjochtsje ta jo ear,  
jo geunst mei rêste\_op al ús dwaan,  
jo Geast ús ljocht en lieding jaan.

4

Sjoch yn genede op ús ta,  
dan sil ús wurk fertuten ha,  
ferjou ús, yn jo grut geduld,  
ús ûntrou, Hear, en al ús skuld.

5

Ferljochtsje\_ús hert, dat tsjuster is,  
lear sels ús nei jo tsjûgenis,  
it kwea te mijen elke dei  
en hâld ús op jo rjochte wei.

6

Wol by jo wurd jo seine jaan,  
en Satans ryk teneate dwaan.  
Jou learaars moed en hillich fjoer  
en lied en sterkje\_ús lânsbestjoer.

7

Bring treast oan wa't yn need en smert,  
ta Jo ferheffe 't eangstich hert,  
en meitsje ús yn tsjinspoed stil,  
hear ús, o God, om Jezus wil.

*tekst* Hendrik Ghijsen  
*oersetting* Fedde Schurer  
*meldij* Genève 1551 – Psalm 131